



FERIENING FRYSK UNDERWIIS (FFU): 1987-2017

NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2017

Ynlieding: hoe fierder yn 2018?

Yn it jierferslach fan 2016 (oan te klikken op www.ffu-frl.eu ûnder 'Ferslaggen'; sjoch ek de ynlieding) hawwe wy oanjûn dat de wet- en regeljouwing foar it Frysk yn it (hie)le ûnderwiis noch lang net doocht. En as der al wat regele is, dan wurdt dat amper of net útfierd troch de ferantwurdlike lanlike of provinsjale politisy. It eint allegearre as in lûs op in tarre presinping en dan is it moedsum krewearjen foar ús as FFU-bestjoerders. Guon fan ús binne al 30 jier aktyf yn ús feriening en al jierren mei pensjoen. Dan komt ek de fraach nei de opfolging oan de oarder. Foarsitter, skriuwer en skathâlder hâlde de saak al jierren draaiende, mar dêr sil ienris in ein oan komme moatte. De jierren begjinne te tellen. Se dogge it wurk al hast sa lang as de FFU bestiet en dat wie yn 2017 krekt 30 jier.

Út in troch ús holden enkête (sjoch jierferslach oer 2016 op ús webstek) hat bliken dien dat harren opfolgers net klear steane. Der binne noch altiten gewoanwei te min lju dy't genôch kennis en kunde hawwe op it mêd fan it ûnderwiis, it Frysk tige goed behearskje en der in protte tiid yn stekke kinne of wolle. Wy sille ús dus de kommende tiid beriede moatte op te takomst fan de FFU. Faaks moatte wy wat minder faak fysyk gearkomme en wat mear (allinnich) oer de e-mail regelje.

Mei om dy reden wiene wy dan ek op it skik dat inkelde Friezen (Abe de Vries, Pier Boorsma en Kerst Huisman) it inisjatyf nommen hawwe om ta in aksjegroep (ûnder de namme *Sis Tsiis*) te kommen dy't de dyk op wol om te demonstrearjen foar mear en better Frysk yn de skoallen. De earste demonstraasje hat ein desimber 2016 yn Ljouwert west. Wy besykje ek yn dat ramt safolle mooglik persoanlik mei te dwaan en stipe (ek finansjele) te jaan. De measte bestjoersleden hawwe dat yn it ôfrûne jier ek dien. Bygelyks troch warber te wêzen yn de aksjegroep dy't op de dyk *demonstrearret* of yn in *Sis Tsiis*-fermidden dat ek ús rjochten befjochtsje wol troch middel fan de *juridyske* wei. Dat hat derta laat dat der beswierskriften opsteld binne troch Friduwih Riemersma tsjin û.o. it provinsjale ûnderwiisbelied. Troch al dy aktiviteiten binne guon meidoggers oan dy *Sis-Tsiis*-aksjes útnûge troch de provinsje Fryslân om ta foarmen fan oerlis te kommen.

Mei de aksjes op de dyk is ein 2016 in begjin makke troch in demonstrative optocht yn Ljouwert te hâlden (sjoch fierderop foar mear oer *Sis Tsiis*). By al dy aktiviteiten wiene ek wer FFU-bestjoersleden behelle dy't har kennis en kunde sa goed mooglik ynbrocht hawwe. Dat betsjut dat guon FFU-bestjoerders noch (folle) faker op 'en paad binne foar de goede saak en dat der sadwaande grif (wat) minder reguliere FFU-bestjoersgearkomsten holden wurde moatte sille, oars wurdt it te bannich. Salang't wy lykwols aktyf bliuwe, hawwe wy ek ferlet fan sinten om ien en oar te bestuiverjen. Dat is it minste dat jimme dwaan kinne. Dêrsûnder hâldt ek alles op ...

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried (nij adres nei 1 nov. 2017: Bûterhoeke 1 ['Tresoar'], Ljouwert) der wer foar soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De *Ried* is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag/ Beetstersweach*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te

dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden. Ek al wie dat net de bedoeling, dochs wurdt it oermeitsjen maklik fergetten. Jo fine by de útnûgings foar de jiergearkomste altiten in strypke mei it bedrach en ús banknûmer (of wy litte jo dat digitaal, *oer de e-post*, takomme as wy dat fan jo hawwe). Wy freegje jo dêr begryp foar en kinne net oeral efteroan.

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2017 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder; ek oantekens), Geart Tigchelaar (ek: oantekens), Jehannes Elzinga en Saapke de Groot-Voolstra. Ed Knotter is ús offisjele fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mar Jehannes Elzinga ferfangt him almeast. Tom Dykstra fertsjinwurdiget de *FFU* yn it Algemien Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, mei Ed Knotter as syn ferfanger. Fanwegen eachswierrichheden fan de skriuwer (en dus reisproblemen) en omdat de measte bestjoersleden yn Drachten of omkriten wenje, hawwe de measte bestjoersgearkomsten by Hiemstra thús yn Drachten west en ien kear te Ljouwert (by Geart Tigchelaar). Wy hoopje sa út en troch ek noch ris by Klaske Straatsma-Westerhof te Ljouwert gear te kommen as har en ús sûnens dat talit.

Yn 2017 kaam it bestjoer regulier 8 kear gear op: 19-01; 09-02; 25-02 (ynformeel, ferstjoeren jierstikken, Beetstersweach); 10-04; 24-05; 03-07; 30-08; 02-10 (by Geart Tigchelaar, Nijlânsdyk 4, Ljouwert); 06-11). De *FFU*-jiergearkomste is holden op 20-03-2017 (kafee Wouters, Ljouwert). Op 25-02 2017 binne de *FFU*-jierstikken oer 2015 en 2016 ferstjoerd (jitris te rieplachtsjen op ús webstek (www.ffu-frl.eu) ûnder 'Ferslaggen'. Wat de njonkenaktiviteiten oanbelanget, is der sûnt it foarige jierferslach (2016) amper wat feroare (sjoch ek dat fan 2015 en 2014 op ús webstek); Jehannes Elzinga wie yn dy snuorje de ferfanger fan Ed Knotter yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT) as Ed net komme koe. Hiemstra fertsjintwurdige de *FFU* yn de aksjegroep 'Sis Tsiis' (as kearnlid), dy't as fuortsetting fan de eardere 'De Ploech' de dyk op wol mei manifestaasjes en demonstraasjes foar folweardich Frysktalich ûnderwiis. De *FFU* hat dêr yn 2016 € 500 oan hydroegen. Tom Dykstra is yn 2017 adviseur fan *Sis Tsiis* wurden en leveret op dy wize syn bydrage. Geart Tigchelaar is binnen *Sis Tsiis* aktyf as mei-organisator fan manifestaasjes/demonstraasjes en Ed Knotter en Jehannes Elzinga dogge ornaris ek mei oan de demonstraasjes op de dyk. *Sis Tsiis* mist oant no ta lykwols noch te folle in stevige organisaasjestruktuer en in solide, stabile en brede basis dy't op ûnderskate mêden (aksjefjilden) flot en ienriedich aksjes ûndernimme kin as dat fan belang achte wurde mei. Fersterking dêrfan is needsaaklik.

It bestjoer hat yn 2017 gjin eare-oarkonden (mei lofprizing) útrikt, omdat der gjin gaadlike kandidaten foar fûn wurde koene. Faaks dat soks yn 2018 wol slagget.

B. Kontakten

1. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Sympoasia, ensfh.

- 03-01-2017 (Hiemstra, Knotter), nijjiersgearkomste *Jongfryske Mienskip*, 'De Koningshof', It Hearrenfean;
- 09-01-2017 (Hiemstra), e-postberjocht (mei 7 bylagen) oan de Steatefraksje fan de *FNP* om no einlings ris wurk te meitsjen fan de wetlike ferplichting fan it Frysk yn de ûnderwiiswetjouwing (*Wet op de EkspertizeSintra* [WEC]) mei in fraach oan Deputearre Steaten. Bgl. mei help fan de troch Hiemstra suggerearre sin: 'Wurde der op koarte termyn troch DS prikken yn it wurk steld om de Wet op de EkspertizeSintra (WEC;) sa feroarje te litten dat dy oerienkomt mei de ferplichting út kêst 8 fan it Hânfêst. Wat kinne wy op dat stik fan DS ferwachtsje?';
- 11-01-2017 (Hiemstra/De Jong), e-postberjocht (reaksje) fan *FNP*-fraksjeliedster Corlienke de Jong twa dagen letter: 'Juster hawwe wy jo mail yn de fraksje besprutsen. Wy sille te set oer hokker fragen oft we oan de deputearre stelle sille. De fraach is fansels oft de provinsje it fak Frysk oplizze kin oan skoallen yn it spesjaal ûnderwiis; it is oan de skoallen oft hja it Frysk oanbiede. Hoe dan ek; nijs folget.' Dat nijs hat der yn it ferslachjier 2017 yn de rjochting fan de *FFU* lykwols net west en it antwurd sloech net op kêst 8 fan it

Hânfêst (dat in *ferplichting* oanjout ta in ‘aanmerkelyk deel’ Frysk yn it primêr ûnderwiis en ta in ‘integreerend deel van het leerplan’ yn it fuortset ûnderwiis) en de needsaak ta wetsferoaring [WEC]);

- 26-01-2017 (Dykstra, Hiemstra), iepening erfgoedkeamer fan de fakulteit ‘Gedrags- en Maatschappijwetenschappen’, Ryksuniversiteit Grins (mei ynliedings en de ûntbleating fan in portret fan prof. dr. Leon van Gelder, ûnderwiiskundige), Grote Rozenstr. 3, Grins;
- 03-02-2017 (Dykstra, Hiemstra), oanbieding *DINGtiid*-rapport ‘*Meartaligens as kwaliteit en doel. In advys oer Frysk yn it ûnderwiis*’ oan deputearre Poepjes, CSG Liudger, Tjalling H. Haismastrj. 1, Burgum;
- 04-02-2017 (Hiemstra), ynformaasje oer de e-post foar *DINGtiid* oangeande in stik (artikel) fan Hiemstra oer it Europeesk Hânfêst en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren;
- 05-02-2017 (Hiemstra), ynformaasje oer de e-post foar deputearre *Poepjes* nei oanlieding fan in petear fan Hiemstra mei har op in *DINGtiid*-gearkomste (sjoch boppe) oangeande in stik (artikel) fan sines oer (1) it Europeesk Hânfêst en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren, oer (2) de needsaaklike wetlike oanpassings yn de WEC (sjoch boppe) mei (3) eftergrûnartikels fandatoangeande út de *Swingel* en *Nij Frisia*; en as ekstra bylagen (4) it *Oanfalspan* út 2008 en (5) de FFU-jierferslaggen oer 2014 o/m 2016; ien en oar hat laat ta in útnûging oan de FFU foar oerlis mei de deputearre op 15 maart (sjoch fierderop);
- 11/12-02-2017 (Elzinga), gearkomste oer twa dagen fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), Stifting ‘Skylgerâlân’, Hoarne, Skylge;
- 15-02-2017 (Hiemstra), gearkomste *Fryske Rie* (seksje West), stedhûs, Dokkum;
- 25-02-2017 (Hiemstra/Spoelstra), e-postreaksje fan Klaas Sietse Spoelstra (foars. *DINGtiid*) op ús FFU-mailberjocht fan 04-02-2017 (sj. boppe): ‘Wy sille de evaluaasjes en de dêroan keppele aksjes fan it Europeesk Hânfêst troch om te sjen oft we der advys oer kinne nei BZK. Sa as sein, stie dit al op ís programma foar dit foarjier. We sille dyn stik dêryn meinimme foar eftergrûn. WEC: wy sille hjir spesifyk nei sjen (foar *DINGtiid*-aginda maart)’;
- 02-03-2017 (Dykstra), brief (e-post) foar dhr. F. Weima (*DINGtiid*) mei fjouwer punten (1. bewustwurding, 2. ûnthefing skoallen, 3. oplieding learkrêften, 4. yntegraal meartalich lesmateriaal), dêr’t de *FFU* omtinken foar freget op de *FFU*-jiergearkomste fan 20 maart 2017;
- 08-03-2017 (Hiemstra), geark. *Sis Tsiiis*, ‘De Friesche Club’, Ljouwert;
- 09-03-2017 (Hiemstra), geark. *Fryske Rie* (Pytsje de Graaf en Kerst Huisman) mei twa provinsjale amtner (Eildert Duijff, Harmen Akerboom) oer ynter-Fryske saken oangeande de trije Fryslannen (seksjes West, East en Noard) en in mear strukturele ynter-Fryske gearwurking op it mêd fan taal en kultuer (ek ûnderwiis), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 13-03-2017 (Dykstra), ûndersyksútstellen (mei taljochting) fan Dykstra nei oanlieding fan in ynkommen *Mercator*-ferslach oangeande ‘The effect of migration [...]’ foar nije aktiviteiten fan *Mercator*: (1) ynternasjonaal ûndersyk nei it meartalich konsept fan bgl. de trijetalige skoalle (Frysk, Nederlânsk en Ingelsk); (2) ûndersyk nei de minderheidstaal as earste taal yn in regio; (3) ûndersyk nei meartalich lesmateriaal yn it ramt fan transfer en translanguaging. Dêr is troch *Mercator* nea op regearre.
- 15-03-2017 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra, Knotter), *FFU*-oerlis mei deputearre Sietske Poepjes, Provinsjehûs, Ljouwert (sjoch ek boppe);
- 20-03-2017 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra, Knotter), *FFU*-jiergearkomste mei in ynlieding fan dhr. Fr. Weima (*DINGtiid*) en it betinken fan it 30-jierrich bestean fan de *FFU* (1987-2017), kafee Wouters (foar it treinstasjon oer), Ljouwert;
- 24-03-2017 (Hiemstra, Knotter), jiergearkomste *Jongfryske Mienskip* (dêr wurde wer nije kontakten lein), ‘De Koningshof’, It Hearrenfean;
- 28/29-03-2017 (Hiemstra), ‘*Friesische Abend*’, feestlike moeting fan in provinsjale delegaasje o.l.f. deputearre Poepjes mei fertsjintwurdigers en politisy fan de oare Fryslannen (ynformaasje en útwikseling fan ideeën oer ‘Friesische Kultur, Sprache und Geschichte’), Landesvertretung *Schleswig-Holstein*, Ministergärten 8, Berlyn (Dsl.);

- 01-04-2017 (Hiemstra), ledelei *Fryske Akademy* oer ‘It Frysk yn de (digitale) mienskip’ (resulaten taalsurvey ‘*Taal yn Fryslân*’; Taal & jongerein: digikânsen foar it Frysk; Sosjale media en taalfariaasje; Frysk op ’e radio – earder en no), ‘De Koperen Tuin’, Prinsetún 1, Ljouwert;
- 03-04-2017 (Hiemstra), it (digitaal) tastjoeren fan ynformaasje oan deputearre *Sietske Poepjes* oer û.o. (1) de wurking fan it Hânfêst (artikel Hiemstra) en fan (2) de *FFU*-kantekenings by it *DINGtiid*-rapport en (3) de needsaaklike ferplichting fan it Frysk yn de WEC (sjoch boppe);
- 03-04-2017 (C. de Jong/Hiemstra), mailwikseling fan Hiemstra mei *Corlienke de Jong* (FNP; n.o.f. in besite mei in provinsjale delegaasje oan Berlyn op 28/29-03-2-17) oangeande û.o. (1) de needsaak om no ris faasje te setten efter de wetlik oanpassing fan de WEC en (2) Hiemstra syn kommentaar by it *DINGtiid*-rapport. Mei as reaksje (d.d. 3 april 2017): ‘doch myn bêst de aksjepunten bydel te gean’;
- 04-04-2017 (Hiemstra) oan it *Taalsintrum Frysk/Sintrum Meartaligens* (Cedin) en *Frank de Boer*, meiwurker *FUEN*): it (digitaal) tastjoeren fan ynformaasje oer û.o. (1) de wurking fan it Hânfêst (artikel Hiemstra) en fan (2) Hiemstra syn kantekenings by it *DINGtiid*-rapport (sjoch ek boppe);
- 07-04-2017 (Dykstra, Hiemstra), oerlis oer it beswierskrift fan *Sis Tsiis* ornearre foar de provinsje, by Hiemstra thús te Drachten;
- 12-04-2017 (P. Dykstra, S.T. Hiemstra, W. Jetten), oerlis oer it ‘Ûnderwiisfûns foar de Fryske taal’, Drachten;
- 26-04-2017 (Hiemstra, Tigchelaar), geark. *Sis Tsiis*, ‘Friesche Club’, Ljouwert;
- 11-05-2017 (Dykstra, Hiemstra), AB-riedsgearkomste *Ried fan de Fryske Beweging*, Keetwâltsje 1, Ljouwert;
- 19-06-2017 (Hiemstra), geark. *Sis Tsiis*, Nijlânsdyk 4, Ljouwert;
- 21-06-2017 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra), ûnderwiiskongres ‘WOW Meartalich’: ‘*Het Fries in de meertalige wereld*’. De op it kongres diene tasizzing fan Afûk-meiwurker Douwes om nei de simmerfakânsje te praten oer it ûntwikkeljen fan meartalich lesmateriaal is spitigernôch net neikommen; Cedin, ‘Adverium’, Drachten;
- 21-06-2017 (Hiemstra), geark. *EBLT*, ‘Tresoar’, Bûterhoeke 1, Ljouwert;
- 04-07-2017 (Dykstra), *FFU*-brief oan deputearre Poepjes oer it plak fan it Frysk op it *Marne College* te Boalsert mei 5 fragen (sjoch foar in reaksje hjirûnder by C, d.d. 14-09-2017);
- 25-07-2017 (Hiemstra), nije ferzje fan kanttekenings by it *DINGtiid*-rapport ‘*Meartaligens as kwaliteit en doel*’, no as *FFU*-stik, oan *DINGtiid* tastjoerd (d.d. 22-07-2017), mei op 27 july in e-postreaksje fan bestjoerslid Freddy Weima: ‘Tige tank foar dizze mânske reaksje, wy komme der op werom’ (sjoch ek ûnder C);
- 23-09-2017 (Hiemstra, Elzinga, Knotter), demonstrative kuiertocht fan *Sis Tsiis* fan Molkwar (begjinpunt) nei Warns (einpunt ‘Reaklif’; ‘Stifting Slach by Warns’ mei as Warns-tema ‘Hoe sjogge de Nije en de Âlde Friezen inoar?’ Dykstra wie oanwêzich as organisearjende bestjoerslid fan de stifting), Molkwar/Warns;
- 26-09-2017 (Hiemstra, Tigchelaar), geark. *Sis Tsiis*, Nijlânsdyk 4, Ljouwert;
- 02-10-2017 (Dykstra), oerlis yn ’e mande mei Valk en Bergsma (bestjoersleden *Ried fan de Fryske Beweging*) mei Tresoar-direkteur Looper oer de posysje fan nijnykommelingen (‘Nije Friezen’) op it mêd fan taal en kultuer. It wie in ferfolch op it eardere Mercator-sympoasium: ‘The effects of migration [...]’. Looper sei ta dat er it punt fan yntegraasje fan Nije Friezen meinimme sil yn oare gremia en der letter op werom komme. Yn 2017 is der troch Looper, mooglik troch oare drokten (bgl. Kulturele Haadstêd, 2018), gjin ynformaasje jûn, ‘Tresoar’, Bûterhoeke 1, Ljouwert;
- 05-10, 2017 (Hiemstra [delegaasjelieder *Sis Tsiis*], Knotter, Tigchelaar), behanneling *Sis Tsiis*-pleitnota (opsteld troch Friduwih Riemersma) troch de ‘Kommisje foar beswier- en beropskriften en klachten’ (dy komisje brocht op 24-10-2017 in negatyf advys út oan Deputearre Steaten), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 19-10-2017 (Hiemstra [delegaasjelieder *Sis Tsiis*], Dykstra [adviseur *Sis Tsiis*] en oaren; totaal 7 fertsjintwurdigers), earste *Sis Tsiis*-oerlis mei deputearre Sietske Poepjes, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 19-10-2017 (Dykstra; Elzinga), geark. fan de *Ried fan de Fryske Beweging* ((RfdFB) mei in powerpointpresintaasje fan Tom Dykstra oer de sterk tekoartsjittende behanneling fan de kearndoelen foar Frysk yn it ûnderwiis troch de tiid hinne, Keetwâltsje 1, Ljouwert;
- 20-10-2017 (Dykstra), brief oan *DINGtiid* mei de fraach om mear oerlis te hawwen mei de *FFU* (noch gjin reaksje krige yn 2017);

- 01-11-2017 (Hiemstra, Elzinga), geark. *EBLT* by de ‘Stellingwarver Schrieversronte’, Willinge Prinsstr. 10, Âldeberkeap/Berkoop;
- 08-11-2017 (Hiemstra), digitale oprop oan ûnderskate Fryske organisaasjes om te tekenjen foar it boargersinisytyf *Minority Safepack Initiative* om te soargjen dat minderheden mei minderheidstalen yn Europa better beskerme wurde (Nederlân moat foar 19.500 hantekenings soargje);
- 10-11-2017 (P. Dykstra, S.T. Hiemstra, E. Knotter), geark. mei it bestjoer fan de *Jongfryske Mienskip* oer it redaksjebelied en de ûnôfhinklikens fan ‘*Nij Frisia*’ (dêr binne ek ûnderwiissaken by), ‘De Koningshof’, It Hearrenfean;
- 14-11-2017 (Hiemstra, Sis Tsiis), [earste] brief fan de provinsje (Deputearre Steaten) oangeande it *Sis Tsiis*-beswierskrift (fan 12-05-2017) oan *Sis Tsiis* [adres: Hiemstra] tsjin de ‘Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs’. Mei in mailberjocht (fan 11-10-2017) hie *Sis Tsiis* fersocht om yn te stimmen mei in *streekrjocht berop op de bestjoersrjochter* (mei tapassing fan kêst 7:1a fan de Algemene wet bestjoersrjocht [Awb]). Dat fersyk is troch DS ôfwiid, omdat ‘het verzoek “in het bezwaarschrift” moet worden gedaan’. As it beslút oer it beswierskrift (sjoch hjirûnder it *twadde* brief, 14-11-2017) lykwols net nei’t sin wêze soe fan *Sis Tsiis*, dan is neffens *DS* in berop tsjin dat beslút by de rjochtbank mooglik;
- 14-11-2017 (Hiemstra, Sis Tsiis), [twadde] brief fan de provinsje (DS) oan *Sis Tsiis* [adres: Hiemstra] mei de meidieling dat it *Sis Tsiis*-beswierskrift (fan 12-05-2017) tsjin de ‘Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs’ (publ. Provinciaal Blad 26 juni 2015, nr. 3671) en de behandeling troch de ‘Kommisje foar beswier- en beropskriften en klachten’ derta laat hawwe om it *Sis Tsiis*-beswier *net*-ûntfanklik te ferklearjen op basis fan kêst 3:49 Algemene wet bestjoersrjocht. Fierder wurdt yn it DS-brief ferwiisd nei it [earste] bestjoerlik oerlis dat in delegaasje fan *Sis Tsiis* op 19-10-2017 hân hat mei deputearre Poepjes: ‘Wêrby’t op in konstruktive wize paat is oer jo soarch en ynbring. Yn dat oerlis hat de deputearre oanjûn jo soargen oangeande de ynternasjonale ferdraggen yn relaasje ta it Frysk yn it ûnderwiis, troch in ûnôfhinklike juridyske adviseur útsykje te litten’. Yn it brief wurdt ferwiisd nei de ôfspraak om oan de ein fan 2017 fierder te praten oer punten dy’t yn it bestjoerlik oerlis net bepraat binne (sj. ek by 14-12-2017);
- 14-11-2017 (Dykstra & Hiemstra), FFU-brief gearstald foar de *Nationale Onderwijsraad* (De Haach) oer it ûntbrekken fan it Frysk yn har ‘Werkprogramma 2018’ mei de fraach om in reaksje. It [konsept-]brief oan de Onderwijsraad is net ferstjoerd, omdat der better yn in letter stadium kontakt mei har socht wurde kin as it proses fan learplanûntwikkeling wat fierder is. Ynstee dêrfan is der no in brief nei *Bureau Curriculum.nu* gien (sjoch hjirûnder by 17-11-2017).
- 14-11-2017 (Dykstra, Hiemstra), spesjale geark. fan de *RfdFB* oangeande it jaan fan stipe oan it stribjen nei ûnôfhinklikens fan Kataloanje, ‘Tresoar’, Ljouwert (hat yn 2017 net ta stipe laat);
- 16-11-2016 (Dykstra, Knotter), stúdzjemiddei/-jûn fan de *seksje Frysk* fan de VLLT ‘Fierder mei Frysk [14]’. Dêrby binne troch Dykstra kontakten lein mei M. Tjerkstra (oer yntegraal meartalich learmateriaal) en oaren (û.o. oer de ûnderwiisistuaasje op [csg] Bogerman en it Marne College); NHL, Ljouwert;
- 17-11-2017 (Dykstra & Hiemstra), *FFU*-brief (digitaal en oer de gewoane post) oan de direksje fan it ‘*Bureau Curriculum.nu*’ (mefr. Brummelman, De Haach) oer it ûntbrekken fan de ‘Friese taal als ontwikkelgebied in het curriculum’ mei de fraach nei de reden. Boppedat wurdt der troch de *FFU* omtinken frege foar de noch altiten fakultative status fan it Frysk yn de WEC en dat is yn striid mei kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst*;
- 17-11-2017 (Sis Tsiis, foars. André Looijenga), gearkomste oer resinte ûntjouwings binnen *Sis Tsiis*, ‘Friesche Club’, Ruterskertier, Ljouwert (gjin ferslach yn 2017 krige);
- 19-11-2017 (Dykstra), brief oan deputearre Poepjes oer de posysje en útwurking fan it nije learplan foar it primêr en fuortset ûnderwiis mei de fraach oft it de provinsje bekend is dat it Frysk gjin plak hat yn dat ‘*Curriculum.nu*’ en oft der provinsje dêr ek wat oan dwaan sil;
- 06-12-2017 (Dykstra/DS), antwurd fan Deputearre Steaten (DS) op it brief fan Dykstra (d.d. 16-11-2017) oer it plak fan it Frysk yn it takomstige learplan mei de meidieling dat *DS* der wurk fan meitsje sille (sjoch ek by C en ‘Aktiviteiten & Brieven’ 2017, *ynkommen*);

- 06-12-2017 (Hiemstra), brief oan Provinsjale Steaten oer de winsklikens om Fryslân ta in aparte kultuerregio te meitsjen neffens de bedoeling fan de *Raad voor Cultuur* (sjoch ek fierderop by C en 'Aktiviteiten & Brieven', 2017, *útgien*);
- 08-12-2017 (Hiemstra), e-postfersyk oan de Fryske Akademy om Rienk de Haan syn 'Mei freonlike groetnis - Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden' (Taalbuero FA, lêste printinge 1995) yn it (digitale) *Taalweb Frysk* op te nimmen fanwegen de grutte didaktyske en kultuerpedagogyske wearde dêrfan foar it skriuwen fan goed Frysk. Hanno Brand, de direkteur-bestjoerder, andere deselde deis dat dêr noch gjin beslút oer nommen wie: 'Ik sil it nije wike tongersdei yn it ramt fan in oerlis mei de yn jo header opnommen FA-meiwurkers [P. Duijff en H. Sijens, sth] op it aljemint bringe. Jo fernimme sa gau as mooglik de útslach fan dit petear.' Dy 'útslach' hat der yn 2017 noch net west;
- 14-12-2017 (Hiemstra [delegaasjelieder *Sis Tsiis*], Dykstra [adviseur *Sis Tsiis*], Knotter [û.o. oantekens]), twadde *Sis Tsiis*-oerlis mei deputearre Poepjes. De delegaasje bestie fierder út: Friduwih Riemersma (ynliedster oer 'Taalminskerjochten en ûnderwiis'), Piter Dykstra, Kerst Huisman en Aant Mulder (koart dêrnei, noch yn 2017, binne dêr ferslaggen fan ynkommen fan Tom Dykstra en Ed Knotter). De deputearre hat by dy gelegenheid *Sis Tsiis* útnûge om 2018 in tredde oerlis mei har te hawwen, omdat noch lang net alle punten foldwaande ôfhannele wiene.

C. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (*útgien*: 📧) en foar (*ynkommen*: 📩) de FFU.
 Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu).

Utgien:

* 20-03-2017 📧FFU: Útslach FFU-enquête novimber 2016 en diskusje

Ein 2016 hat de FFU in enquête holden ûnder de FFU-leden mei sa'n 14 fragen oangeande de aktiviteiten en de takomst fan de FFU. Fierwei de measte reagearjende leden (sa'n tredde part) achtsje it bestean fan de FFU fan belang, mar sjogge gjin kâns om dêr in aktive rol yn te spyljen.

* 12-05-2017 📧*Sis Tsiis*: beswierskrift tsjin it slim tekoartsjittende ûnderwiis yn de Fryske taal

Sis Tsiis makket beswier tsjin it ûnderwiisbelied fan de provinsje. Dat de provinsje gjin goed ûnderwiis yn de memmetaal oanbiedt en dat it skoallen ûntheffings ferlient om dat ûnderwiis (net) te jaan. Soks is yn striid mei de minskerjochten, mei in lange rige fan ynternasjonale ferdraggen en mei guon nasjonale wetten. It beswierskrift is yntsjinne by Deputearre Steaten. De rjochter soe besjen moatte hoe rjochtmjittich oft it ûnderwiisbelied fan de provinsje yn juridyske sin is. Is it dat net, dan moatte Deputearre Steaten it ûntheffingsbelied stilsette. Deputearre Steaten moatte dan belied meitsje dat skoallen ta goed ûnderwiis yn it Frysk ferplichtet. Om te soargjen dat it beswierskrift ek as polityk fraachstik behannele wurdt, is it as *petysje* yntsjinne by Provinsjale Steaten. De stikken binne (mei) ûndertekene troch twa bestjoersleden fan de FFU (drs. Sytze T. Hiemstra en Geart Tigchelaar MA), dy't warber binne yn *Sis Tsiis*. In grutte ynhâldlike bydrage is ek levere troch drs. Tom Dykstra (foars. FFU).

* 25-07-2017 📧FFU: Kanttekenings by it Dingtiid-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel'

Kanttekenings fan de FFU by it *Dingtiid*-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel' as neiere útwurking fan in stik fan drs. S.T. Hiemstra dêroer fan 26-03-2017 (it stik fan Hiemstra is ek oan te klikken by 'ynkommen').

* 05-10-2017 📧*Sis Tsiis*: pleitnota foar de ûntfanklikens fan it beswierskrift tsjin it provinsjaal ûntheffingsbelied

Pleitnota fan *Sis Tsiis* útsprutsen by harksitting fan de provinsjale beswierskriftekommisje op tongersdei 5 okt. 2017 oangeande de ûntfanklikens fan syn beswierskrift fan 12 maaie 2017.

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/10/pleitnota-sis-tsiis-tsjin-ds-fryslan-2017.pdf> om de pleitnota, útsprutsen troch drs. Friduwih Riemersma, te iepenjen.

In koarte útlis fan wat de ûntheffings binne, is hjir ek oan te klikken:

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/10/sis-tsiis-pleitnota-10-punten-untheffingen1.pdf>

It beswierskrift dat *Sis Tsiis* yn maaie 2017 yntsjinne hat by Deputearre Steaten, is hjir jitris oan te klikken:

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/05/sistsiis-beswierskrift-ds-20170512.pdf>

Sjoch ek by 12 maaie 2017.

* 06-12-2017 📧FFU: De winsklikens fan Fryslân as in aparte kultuerregio

FFU-brief oan *Provinsjale Steaten* (PS) fan Fryslân (d.d. 06-12-2017) oer de winsklikens om Fryslân as in *aparte kultuerregio* te beskôgjen (skreaun op fersyk fan de *Ried fan de Fryske Beweging*). Fryslân as *aparte kultuerregio* jout ús wissichheid dat der mear erkenning ûntstiet en in bettere finansiering komt foar it ferlet fan de eigen befolking oan keunst en kultuer. Yn sa'n eigen regio kin der folle better rekken holden wurde mei de eigen *identiteit* fan Fryslân en de Friezen en mei de 'ferhalen' út de regio. Fryslân mei neffens de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* nea in 'oanhingsel' wurde fan in 'noardlik' kultuerbelied dat benammen útgiet fan de stêd Grins en dat yn dy stêd de ynstellings konsintrearre wurde. De *FFU* achtet in *eigen regio* ek wichtich foar it Frysk en foar it Frysktalige kultuerûnderwiis.

Ynkommen:

* **20-01-2017** 🟢 **Hiemstra: It 'Europeesk Hânfêst' en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta in oanspannen fan juridyske prosedueren**
Bydrage fan drs. S.T. Hiemstra (fertsjintwurdiger fan de *Seksje Frysk* fan de VLLT yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* [EBLT]) foar it EBLT (en oaren) oer de mooglikheden om in juridyske prosedure oan te spannen tsjin it Ryk ('Nederland'), omdat it sintraal regear yn De Haach ûnderwiiskêst 8 fan it *European Charter for Regional or Minority Languages* (it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen van minderheden*) net of net foldwaande neikomt (ymplemintearret).

Klik op: [Hiemstra-bydrage foar EBLT e.o. oer in rjochtsongong oangeande kêst 8, Hânfêst.pdf](#) om it stik fan Hiemstra te iepenjen.

* **03-02-2017** 🟢 **Dingtiid: Advys oer Frysk yn it ûnderwiis 'Meartaligens as kwaliteit en doel'**
Op 3 febr. 2017 is it dûbeltalige advys fan *DINGtiid* ('Orgaan foar de Fryske taal') '*Meartaligens as kwaliteit en doel/Meertaligheid als kwaliteit en doel*' ferskynd en oan deputearre S. Poepjes oanbean.

Klik op: [Dingtiid-Meartaligens as kwaliteit en doel.pdf](#) om de Frysktalige wjergader fan dat rapport oan te klikken.

* **26-03-2017** 🟢 **Hiemstra: Kanttekenings by it Dingtiid-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel'**
Bydrage fan drs. S.T. Hiemstra (û.o. skriuwer fan de *FFU*) ornearre foar politisy en foar Fryske organisaasjes dy't har mei it Fryske taal- en ûnderwiisbelied dwaande hâlde, oangeande it *DINGtiid*-rapport '*Meartaligens as kwaliteit en doel*', dat op 3 febr. 2017 oan deputearre Sietske A.E. Poepjes (deputearre foar ûnderwiis, taal en kultuer) te Burgum oanbean is. It is in krityske analyze en evaluaasje fan in teloarstellend en tekoartsjittend advys.

Klik op: [Hiemstra-analyze Dingtiid-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel', 26-03-2017. pdf](#) om it stik fan Hiemstra te iepenjen.

* **12-05-2017** 🟢 **Sis Tsiis: beswierskrift tsjin it slim tekoartsjittende ûnderwiis yn de Fryske taal**
Sis Tsiis makket beswier tsjin it ûnderwiisbelied fan de provinsje. Dat de provinsje gjin goed ûnderwiis yn de memmetaal oanbiedt en dat it skoallen ûntheffings ferlient om dat ûnderwiis te jaan, dat mei neffens *Sis Tsiis* net. It is yn striid mei de minskerjochten, mei in lange rige fan ynternasjonale ferdraggen en mei de nasjonale wetten. It beswierskrift is yntsjinne by Deputearre Steaten. De rjochter moat neffens *Sis Tsiis* besjen hoe rjochtmjittich oft it ûnderwiisbelied fan de provinsje yn juridyske sin is. Is it dat net, dan moatte Deputearre Steaten it ûntheffingsbelied stilsette. Deputearre Steaten moatte dan belied meitsje dat skoallen ta goed ûnderwiis yn it Frysk ferplichtet. Om te soargjen dat it beswierskrift ek as polityk fraachstik behannele wurdt, is it as *petysje* yntsjinne by Provinsjale Steaten. De stikken binne (mei) ûndertekene troch twa bestjoersleden fan de *FFU* (drs. Sytze T. Hiemstra en Geart Tigchelaar MA), dy't warber binne yn *Sis Tsiis*. In grutte ynhâldlike bydrage is ek levere troch drs. Tom Dykstra (foars. *FFU*). Hjir binne de dokuminten del te heljen:

Klik op: [It beswierskrift](#)

Klik op: [It begeliedend brief oan Deputearre Steaten](#)

Klik op: [De petysje oan Provinsjale Steaten](#)

Opmerking: nei oanlieding fan de demonstrative optocht fan *Sis Tsiis* yn desimber 2016 hat Dykstra yn it jier dêrop in stúdzje makke fan hoe't Ryk, provinsje en skoallen omgien binne mei it ûnderwiis yn it Frysk en dan taspiet op de kearndoelen Frysk yn de perioade 1993 oant 2017 mei as titel *Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne* (benammen yn it *basisûnderwiis*). It is de bedoeling dat de publikaasje yn eigen behaar dien wurdt en in rol spylje sil by de fierdere aktiviteiten fan de *FFU*.

* **14-09-2017** 🇳🇱 **Provinsje Fryslân: projektlike Frysk op it Marne College**

Antwurd fan de Provinsje op in brief (d.d. 04-07-2017) fan *FFU*-foarsitter T. Dykstra oer ús soargen oangeande de projektlike Frysk op it *Marne College* te Boalsert. It *Marne College* hie by it organisearjen fan de projektlike gjin parsjele ûntheffings foar it fak Frysk en moast dus foldwaan oan alle keardoelen foar it Frysk. Út it *evaluaasjeferslach* fan de skoalle (dat is net iepenbier), docht neffens de Provinsje û.o. bliken dat (1) it oantal learlingen dat Frysk as karfak kiest, *gelyk* bleaun wie. De wike hie dus fandatoangeande gjin fertuten dien: rûchwei ientredde fan de earstejiers kiest foar it Frysk nei de earste klasse; (2) de projektlike is werhelle yn it skoaljier 2016/2017 en de skoalle en de learlingen wiene dêr tefreden oer; (3) de keardoelen Frysk binne **nê**t helle (dat kin ek net yn in wike) en dat is foar de provinsje in punt fan grutte soarch; (4) de skoalle jout oan dat der op it mêd fan differinsjaasje ferbetterings mooglik binne en dat dêr tenei mear omtinken foar komme sil. De Provinsje is fierders fan betinken dat in projektlike gjin ferfanging wêze kin foar de reguliere lesueren Frysk en dat de deputearre dêr ein desimber 2017 oerlis oer hawwe sil mei de haadynspekteur (sjoch ek op ús webstek by: '*ynkommen 2017*'). De *FFU* sil yn 2018 wer kontakt sykje mei de provinsje oer de kwestje;

* **05-10-2017** 🇳🇱 **Sis Tsiis: pleitnota foar de ûntfanklikens fan it beswierskrift tsjin it provinsjaal ûntheffingsbelied**

Pleitnota fan *Sis Tsiis* útsprutsen by harksitting fan de provinsjale beswierskriftekommisje op tongersdei 5 okt. 2017 oangeande de ûntfanklikens fan syn beswierskrift fan 12 maaie 2017.

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/10/pleitnota-sis-tsiis-tsjin-ds-fryslan-2017.pdf> om de pleitnota, útsprutsen troch drs. Friduwih Riemersma, te iepenjen.

In koarte útlis fan wat de ûntheffings binne, is hjir ek oan te klikken:

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/10/sis-tsiis-pleitnota-10-punten-untheffingen1.pdf>

It beswierskrift dat *Sis Tsiis* yn maaie 2017 yntsjinne hat by Deputearre Steaten, is hjir jitris oan te klikken:

Klik op: <https://sistsiis2016.files.wordpress.com/2017/05/sistsiis-beswierskrift-ds-20170512.pdf>

* **06-12-2017** 🇳🇱 **Deputearre Steaten fan Fryslân: Reaksje op in FFU-brief oer it Frysk yn it takomstige learplan**

Brief fan *Deputearre Steaten* (DS) fan Fryslân (d.d. 06-12-2017) oan de *FFU* as reaksje op in *FFU*-brief (d.d. 19-11-2017) oangeande it plak fan it Frysk yn it takomstige learplan foar it primêr en fuortset ûnderwiis. Dat kurrikulum sil opsteld wurde troch *Curriculum.nu*. *DS* achtsje it, lykas de *FFU*, ek wichtich dat it Frysk dêryn meinommen wurdt en sille der wurk fan meitsje. **Klik op:** [DS- It Frysk yn Curriculum.nu.pdf](https://www.curriculum.nu/onderwijs/frysk) om it antwurd fan *DS* te iepenjen.

D. Publisiteit

* Oan te klikken op ús webstek (www.ffu-fri.nl). In stikmannich artikels fan *FFU*-bestjoersleden oer *FFU*-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de dei-, wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en troch ek op en yn (it digitale) *It Nij*s fan de *Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de *FFU* op *Facebook*.

Swingel (blêd fan de *Ried fan de Fryske Beweging*)

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel. Tom Dykstra (foars. *FFU*) en Jehannes Elzinga (bestjoerslid *FFU*) en Ed Knotter (skathâlder *FFU*) skreauwen geregeld yn it blêd. Yn 2017 is der lykwols mar ien nûmer ferkynd (nû. 50, july 2017) en it liket derop dat der mei gauwens in ein komme sil oan it blêd. Der sille dus alternativen socht wurde moatte.

Nij Frisia (blêd fan de *Jongfryske Mienskip*)

Sytze T. Hiemstra hat in eigen rubryk yn *Nij Frisia*, 'Ús eigen taal'. Hy komt dêryn geregeld op de tekst oer it Frysk en it ûnderwiis. Ed Knotter en Tom Dykstra stjoere sa út en troch ek in bydrage yn. Knotter makket foar it blêd boppedat tekenings dy't it ûnderwiis en it Frysk ta ûnderwerp hawwe. Yn *Nij Frisia* stiene yn 2017 û.o. de neikommende artikels:

- **Nij Frisia* (jrg. LXVI, nû. 1, ‘Ús eigen Taal [22]’, maart 2017, s. 17-21): Sytze T. Hiemstra oer ‘*De Fryske Rie en de trije Fryslannen (II)*’ (it earste stie yn *Nij Frisia I*, 2016). Fierders in stikje fan Hiemstra mei as kop ‘*By it ferstjerren fan Au(c)kje Hoogland-Peanstra*’ mei dêryn opnommen in brief fan B.J. Postma foar de *Martena-skoalle* te Bitgummole, mei krityk op de *Hollânsktalige* rou-advertsinsje fan dy skoalle by it ferstjerren fan dy ferneamde Fryske skriuwster (s. 22-23). Soks is in gefolch fan it noch altiten tekoart oan omtinken foar it Frysk yn de measte skoallen en dus ek foar it brûken fan it Frysk yn de media.
- **Nij Frisia* (jrg. LXVI, nû. 2: Sytze T. Hiemstra yn ‘Ús eigen taal [23]’, juny 2017, s. 8-11) oer in wichtich digitaal oan te klikken artikel fan dr. Oebele Vries ûnder de titel ‘*Frisonica libertas: Fryske frijdom as in eksimpel fan midsiuwske frijheid*’. Dat deeglike artikel fan Vries fertsjinnet in protte omtinken, omdat it wichtich is foar de eigen Fryske skiednis en it Fryske frijheidsbegryp.
- **Nij Frisia* (jrg. LXVI, nû. 3, sept. 2017); twa artikels fan Sytze T. Hiemstra: (1) ‘Ús eigen taal [24]’, mei de titel ‘*Hy “ûnderkent” dat er har net goed “ken” ...*’ (s. 6-7) en (2) it earste part fan in artikel oer ‘*It “Europeesk Hânfêst” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (I)*’ (s. 11-20).
- **Nij Frisia* (jrg. LXVI, nû. 4, des. 2017: twa artikels fan Sytze T. Hiemstra: (1) ‘Ús eigen taal [25]’, mei as titel ‘*Fryske identiteit en ‘nasjonalisme*’ (s. 6-11) en (2) it twadde part fan in artikel oer ‘*It “Europeesk Hânfêst” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (II)*’ (s. 15-21).

Leeuwarder Courant & Friesch Dagblad

- * *LC*, 27-04-2017, s. 20 (webstek ‘Poadium’): in út namme fan de *FFU* as *Te Gast* skreaun artikel fan Geart Tigchelaar (bestjoerslid *FFU*) ûnder de kop ‘*Gjin oprop, mar needgjalp*’ oer de beskamsume situaasje dat der noch *frijwillige* lesjouwers socht wurde moatte foar it Frysk yn de ûnderbou fan de basisskoallen.
- * *LC*, 13-05-2017, s. 14 (webstek: ‘Aktueel’): ûnder de kop ‘*Bezwaar Sis Tsiis tegen beleid Fries*’, in berjochtsje oer de aksjegroep *Sis Tsiis*, dêr’t de *FFU* ek yn en oan meidocht, dy’tby de provinsje beswier makke hat tsjin it belied foar it Frysk yn it ûnderwiis, om troch dy wei te besykjen in better plak dêrfan of te twingen. Benammen it provinsjaal *ûntheffingsbelied* is skealik foar it Frysk. Learkrêften mei in goed/foldwaande foech foar Frysk moatte dêr *better foar betelle* wurde en der moatte *sanksjes* komme foar skoallen dy’t it Frysk ferwaarleazgje.
- * *FD*, 09-09-2017, s. 26 (webstek: ‘Poadium’): in troch Geart Tigchelaar, bestjoerslid fan de *FFU* en lid fan de aksjegroep *Sis Tsiis*, skreaun artikel ûnder de kop ‘*De wetlike posysje fan it Frysk wurdt yn it ûnderwiis hieltiten mear útholle*’ oer it feit dat it de skoallen makliker makke wurdt om in dielûntheffing oan te freegjen foar it Frysk. Dat is neffens ús de deastek foar it Frysk as der neat feroaret.

E. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee (www.ffu-frl.eu) op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en wurde frij geregeld besocht. Yn it jierferslach fan 2014 hawwe wy in wiidweidich oersjoch jûn (sjoch dêr). Omdat ús eardere ‘teller’ kueren krige, hat Sytze J. Hiemstra jr. op 10 jannewaris 2015 in oarenien ynstallearre (*One Stat.com*), dy’t ús op de hichte hâldt fan ús ‘besikers’. Oan de ein fan 2016 wiene dat 1359 ‘pageviews’; it totaal oan unike besikers berûn 761. Oan de fan 2017 wie de stân: 1861 ‘pageviews’, 1494 besiten en 1022 unike besikers. Trochinoar wurde wy 1 kear deis besocht, mei 2 ‘pageviews’; 66% fan ’e besikers kaam yn 2016 út Nederlân (oer 2017 wie dat net oan te klikken). *Webstats4u* ‘*Motigo*’ (de eardere ‘teller’) telt lykwols wer sûnt 10-01-2015 en hie oant de ein fan 2016 sa’n 2.723 ‘views’ registrearre en oan de ein fan 2017: 3160.

De *FFU* is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, benammen op *Facebook* (mei twa ‘akkounts’), dy’t hast alle dagen fan ynhâld foarsjoen wurde troch Sytze T. Hiemstra sr. Op dy wize kinne wy ús doelen hieltiten yn it omtinken bringe by in beskate doelgroep en dy eventueel ek wer liede nei ús webstek.

F. It boargersinisjatyf ‘Sis Tsiis’ en de doelstellings fan de FFU

Op 8 maaie 2015 ornearre Kerst Huisman op Facebook (akkount: ‘Wysels Frysk Selsbestjoer’) dat it heech tiid waard foar (mear) aksje op ’e dyk foar it ûnderwiis yn it Frysk. Hy die in oprop om yn ‘beweging’ te kommen. Yn de moannen dêrnei hat in ploechje lju ûnder de namme ‘De Ploech’ de earste stappen set en dêr

waarden de FFU en oaren yn en by behelle. Troch omstannichheden stagnearre dy oanset en doe hawwe Kerst Huisman, Abe de Vries en Pier Boorsma it boargersinisjatyf oernaam en yn septimber 2016 de aksjegroep ‘Sis Tsiis’ foarme mei in tal aktivisten dy’t út alderlei Fryksinnige fermiddens ôfkomstich binne. Yn desimber is der in kearngroep foarme fan sa’n 14 minsken. Ek Sytze T. Hiemstra (skriuwer *FFU*) is dêryn fertsjintwurdige. Under it biedwurd ‘Frysk op skoalle in bernerjocht’ is troch dy groep, mei help fan oaren, op 22 desimber 2016 yn Ljouwert in fakkeloptocht holden foar goed Frysk ûnderwiis. Der wie in grutte opkomst! De *FFU* hat de organisaasje fan dy tocht stipe mei € 500 (sjoch ek it jierferslach oer 2016 op ús webstek).

Ek yn dit ferslachjier (2017) hawwe guon leden fan de *Sis Tsiis*-aksjeploech de dyk op west mei spandoeken en oare attributen. Op 23-09-2017 is der in kuiertocht mei spandoeken fan Molkwar nei Warns (it Reaklif) organisearre. Op sneon 19-11-2017 hat in lyts ploechje de moarns om likernôch 10 oere in skoftke mei spandoeken by it WTC te Ljouwert stien, doe’t dêr in kongres wie fan D66 en der dus hiel wat lanlike en provinsjale politisy en bestjoerders foarby komme koene. Oare *Sis Tsiis*-aksjefierders stiene, suver tagelyk, wer mei spandoeken, buorden en in Fryslân-paraplu (mei de tekst ‘Frysk op skoalle’) by it Doniawei-fiadukt (oer de *Sintrale As*) by Dokkum, doe’t dêr gâns minsken mei auto’s foarby teagen op wei nei de yntocht fan Sinteklaas, dy’t om 12 oere hinne wêze soe. Mei de omstanners is praat oer it fierste romme belied fan de provinsje om skoallen folsleine of parsjele ûntheffing te jaan foar it jaan fan Frysk. Dêr wie ornaris aardich begryp foar. Sa hat Dykstra mei de D66-lid frou H. Tjeerdema (no wethâlder yn de gemeente Ljouwert) oer it ûnderwiis yn it Frysk praat. Dêr hawwe hieltiten ek inkelde *FFU*-bestjoersleden aktyf oan meiwurke. Foar 2018 sille der nije aktiviteiten op dat mêd ûntwikkele wurde en sil de ploech boppedat gâns útwreide wurde moatte mei aktive minsken (leden en stipers fan de *FFU* kinne harren melde by de skriuwer en/of de foarsitter!).

Friduwih Riermersma hat yn 2017 tige warber west as it giet om it lâns de juridyske wei befjochtsjen fan ús *minskerjochten* op it stik fan it ûnderwiis. Dêr giet hiel wat tiid en stúdzje yn sitten. Fia de politike wei hat dat krewearjen yn 2017 feitlik allinnich noch mar liede kinnen ta mear (polityk) oerlis mei de provinsje (op himsels ek tige wichtich). Mar de gong nei de *rjochter* sil ek yn 2018 fierder ûndersocht wurde moatte, omdat wy tinke dat it minskerjochteramt likegoed needsaaklik is om polityk wierliken fierder te kommen. Om prosedearje te kinnen, sa is ús ek fan de kant fan de provinsjale beswierskriftekommisje (op 05-10-2017) te witten dien, is it winsklik dat de boargeraksjeploech *Sis Tsiis* ek in juridyske status kriget. Mei om dy reden is der op 13-12-2017 formeel in stifting mei dy namme (‘Sis Tsiis’) oprjochte. Hiemstra is frege om dêr in sit yn te nimmen en hat dat oannommen. Op 14-12-2017 is de stifting ynskreaun yn it hannelsregister fan de ‘Kamer van Koophandel’.

De aksjes op de dyk en it besykjen om fia de juridyske wei fierder te kommen, hawwe oer it generaal aardich wat omtinken krige yn de skriuwendende parse en by *Omrop Fryslân*.

De doelstellings fan de *FFU* hawwe wy werjûn yn de jierferslaggen fan 2013 en 2014 en binne, lykas boppe oanjûn, noch lang net berikt. Der sil noch hiel wat jierren fûleindich striden wurde moatte foar in folweardich plak fan it Frysk as fak en as fiertaal yn *alle* skoaltypen. Dêr kin ek it aksjefieren yn it ramt fan *Sis Tsiis* fan grutte betsjuttings by wêze as dat boargerinisjatyf de fuotten goed under it gat hâlde kin. Wy kinne soks sels binnen de *FFU* net allegearre organisearje. De measte bestjoersleden fan de *FFU* binne al aardich op jierren en al in skoft mei pensjoen en dat betsjut dat oaren it stokje op in stuit oernimme moatte (sjoch ek de ynliding oan it begjin). Wy tidigje op jo/jimme goeried, stipe en help om ek yn de takomst dat wurk goed fuortsette te kinnen.

It bestjoer

